


Zondag 10 augustus 2025
Sint Janskerk te Deinum

Thema: **Barmhartige vader**



Foargonger: Lammie de Vries
Âlderling: Thom Miedema
Lector: Durk Sijbesma
Organist: Ruurd Salverda

Collectedoel: ZWO Moldavië
Banknummer Diaconie Terpoarte: **NL47RABO 0313 2001 81**

Wolkom en meidielingen

Liet 117a

Stil Gebed

Votum en Groet

Liet 103c: 1,2 en 3

Gebed

Liet 705

Gebed om de lieding fan de Hillige Geest

Skriftlêzing: Lucas 15: 11-13 en 20-32

11Fierder fertelde Jezus: Der wie ris in man, dy hie twa soannen.
12No sei de jongste tsjin syn heit: Heit, jou my myn part fan it besit. Doe ferparte de heit syn eigendom ûnder harren. 13En it duorre net lang mear, of de jongste pakte alles byinoar en reizge nei in lân, fier fan hûs. Dêr brocht er al syn hawwen en hâlden dertroch mei in los libben.

Op in dei kaam er wer ta himsels en gie op wei nei syn heit.

20Doe sette er de stap nei syn heit ta. De heit seach him fan fierren al oankommen. It begrutte him sa, dat hy fleach him temjitte, foel him om 'e hals en tute him. 21De soan sei tsjin syn heit: Heit ik haw mis west foar God en foar heit oer. Ik bin net mear wurdich heit syn soan neamd te wurden.

22De heit lykwols sei tsjin de feinten: Bring gau de bêste klean en doch him dy oan. Sko him in ring om 'e finger en jou him sandalen oan 'e fuotten. 23Helje it mestkeal, slachtsje it, en lit ús lekker ite en feestfiere, 24omdat dizze jonge fan my dea wie en no wer libben wurden is, ferlern wie en no wer fûn is.

25Doe begûnen se te feestfieren. De âldste soan wie it lân yn. Doe't er wer op hûs oan gong en tichterby kaam, hearde er muzyk en dûnsjen. 26Hy rôp ien fan 'e feinten en frege, wat der te rêden wie. 27Dy sei, jo broer is weromkommen en jim heit hat it mestkeal slachtsje litten, omdat er him sûn en wol weromkrige hat.

28Doe waard de âldste soan nidich en woe net yn 'e hûs. Syn heit gong nei bûten ta om him deryn te roppen,

29mar hy sei tsjin syn heit: Safolle jierren arbeidzje ik al foar jo en noait haw ik wegere te dwaan, wat jo my hieten, mar noch noait haw ik in bokje krige om mei myn maten feest te fieren.

30Mar no't dy soan fan jo weromkommen is, dy't jo besit der mei huorkjen trochjage hat, no litte jo foar him it mestkeal slachtsje.

31Mar de heit sei: Jonge, do bist altiten by my, en al wat mines is, is dines ek.

32Wy moasten wol feestfiere en bliid wêze: dyn broer wie dea en is wer libben wurden, hy wie ferlern en is weromfûn.

Liet 185: 1 en 3

Preek

Liet 315

Gebeden en sjonge God fan fier en hein ús Heit

1. God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

2. Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

3. Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

4. Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5. God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

Taljochting diaconale kollekte

Slotliet 974

Segen en liet 425

Wy gean mei Jo segen bliermoedich ús wegen,
jo wurd fan omhegen joech ús nije moed.
Hy dy 't ús behâld is, it ljocht fan 'e wrâld is,
wol waarmje wat kâld is mei syn leafdegloed.
Wat Kristus ús learde is sied ta bekearing,
wy siedzj' it op ierde en wachtsj' op wat komt.
En ûnder de Hoede fan Him dy 't ús stjoerde
sill' leafde en goedens aanst dije rûnom